

Ik bin it libbensbrea

1

Ik bin it libbensbrea,  
Ik rêd dy fan de hongerdea.  
Sa hat de Heare sprutsen;  
Hy hat de bôle brutsen.  
Syn lichem is it brea, seit Hy,  
dat dielt Hy om mei dy en my.

2

Ik bin it echte brea.  
Wa't yt sil opstean út 'e dea.  
Wa't yn my leaut, seit Jezus,  
hoecht foar gjin dea te freezjen.  
Ik bin it brea fan dyn behâld,  
it libben foar de hiele wrâld.

3

Ferkomme sil it nea,  
it bliuwt, it komt fan God, dat brea.  
Hear Jezus, wy fertrouwe  
dat Jo sok brea ús jouwe.  
Dan komt ús honger ta in ein  
en is ús toarst foargoed ferslein.

*tekst* Ria Borkent, by Johannes 6:35 – 'Ik ben het levensbrood'  
*oersetting* David de Jong  
*meldij* Dirk Zwart